

sneon 18 maartseal Overwijk"Sjoen op in distânsje"

oerset troch Pyt van der Zee

nei: "Van de brug af gezien" fan Arthur Miller.

"Sjoen op in distânsje" ropt fragen op.
 Is in minske in produkt fan syn omstannichheden.
 Spant de maetskippij tsjin him gear.
 Komme primitive driften noch altiten boppe.
 Is it hertstocht, leafde.
 Of is it hate.
 Of allebeide soms?
 Spilet it forline, hwat ienris dizze minsken forhurde,
 noch altiten mei?
 Of is it miskien sljochtwei needlot to neamen.

Al dizze fragen hâlde ús dwaende by "Sjoen op in distânsje".
 De minske yn dit stik is fan juster, fan hjoed en fan moarn,
 ja, fan alle tiden.
 It binne binammen de boatwurkers yn in greate Amerikaenske
 havenstêd dêr 't wy mei yn 'e kunde komme.
 Party fan dizze minsken binne ienris legael of yllegael
 mei de nije wrâld kommen.

It is yn dit formidden dêr 't de skriuwer syn stik
 útspylje lit.
 Machtich wit hy syn figueren stal to jaen en mei great
 dramaturgysk fakmanskip hat hy de ûntjowing fan dit stik
 nei in hichtepunt fierd!

Eddy	boatwurker
Beatrise	frou fan Eddy
Caty	ynwenjend nichtsje
Marco	Italiaensk ymmigrant
Rodolpho	Italiaensk ymmigrant
Alfieri	adfokaet
Tony	tuskenpersoan
Louis	boatwurker
Mike	boatwurker
Charley	ymmigraesje ambtner
Domonic	ymmigraesje ambtner
buorljue	slachter en syn frou, jonge Italiaenske ymmigrant

Ynstekker	:	P. van Waarden
Kapwurk	:	Jaep Visser
Ljocht en lûden:		Jaep Zoete